

Ingelske wurden leare mei in spultsje!



Bern yn Fryslân groeie op mei op syn minst twa talen; it Frysk en it Nederlânsk. Guon bern prate thús wêr in oare taal of krije op jonge leeftyd ek noch it Ingelsk mei. Wêrom wurdt it iene bern as floeiend twatalich en it oare bern, mei in ferlykbere thússitewaasje net? Watfoar aktiviteiten binne geskikt om bern boartsjendewei in twadde taal te learen? Hoe kinst bern op in oansprekkende manier stimulearje om dy oare taal ek sels te brûken?

It heit&mem-panel

It nij oprjochte heit&mem-panel helpt om better ynsjoch te krijen yn meartaligens by jonge bern. Yn dit panel sitte âlders dy't sa no en dan in fragelist oer de taalúntwikkeling fan har bern ynfolje en taalaktiviteiten foar ús útbekykje. Fan july 2015 ôf is in taalspultsje útset en dêrfan binne de earste resultaten binnen. Doel fan dit spultsje is it oanlearen fan Ingelske wurden. Foar de measte bern is dit (noch) in frjemde taal. We wolle graach witte hoe effektyf it spultsje is by it oanlearen dêrfan.

It taalspultsje

Dielnimmende âlders krigen in set fan 10 kaartsjes mei plaatsjes en in (Ingelsktalich) fingerpopke. It fingerpopke - spile troch heit of mem - neamt de Ingelske wurden fan de plaatsjes. Dan pakt it in kaartsje fuort en it bern beneamt yn it Ingelsk (oars ferstiet it popke it ommers net) welk plaatsje der mist. It oantal kaartsjes dat brûkt wurdt, is ôfhinklik fan de leeftyd fan it bern, fariearend fan op syn minst 3 (by bern fan 2 o/m 4 jier) oant op syn minst 7 (by bern fan 7 en 8 jier). Ek de wurden wurde moeiliker (mear lettergrepen) nei't de bern âlder binne.

Tuskentiidse útkomsten

Oant no ta binne der 116 gesinnen dy't it spultsje útbesocht hawwe. Alders en bern wiene hast allegear posityf oer it spultsje; fan "Leuk" oant "Superleuk!". Alders fine it moai om te sjen hoe gau at harren bern de wurden oppikke "Mooi om te zien hoe snel ze de woorden onthouden" en de bern fine it moai om in spultsje te dwaan "Elke avond vroeg onze dochter of we het spelletje weer gingen doen". De bern koenen it spultsje 2 dagen oefenje. Op de 3e dei moasten se sûnder help fan heit of mem de fuorthelle plaatsjes yn it Ingelsk beneame tsjin it popke. En dat slagge de bern goed; yn de jongste kategory lei de gemiddelde skoare op 73%, yn de twa âldere kategoryen wie dat sa'n 79%.

In protte bern gong it maklik ôf en hawwe it spultsje mei mear kaartsjes spile. Foaral de âldste bern gongen graach de útdaging oan om mei alle 10 de kaartsjes te spyljen. Yn de jongste groep hawwe in pear bern ek alle kaartsjes brûkt. Dit mei wikseljend resultaat: de skoare rûn útinoar fan 10 oant 70%. Dit ferkleart de legere gemiddelde skoare by de jongste bern, dy't oars ek op 79% lizze soe.

It spultsje kombinearre in memory-aspekt mei in taalaspekt. As in bern in plaatsje net beneame koe, lei dit meastentiids oan it taalstept, want se koenen it plaatsje dat miste faak wol yn it Frysk of Nederlânsk beneame.

Ingelsk thús en op skoalle

Hast in tredde part fan de bern kriget alle wiken Ingelsk op skoalle, fan in kertier yn 'e wike oant in hiele Ingelske dei. Ungefear de helte fan de bern kriget fan 'e televyzje/kompjûter Ingelsk mei. Sy harkje nei Ingelske ferskes, dogge Ingelske kompjûterspultjes of sjogge Ingelsktalige programma's. Foar de measte bern is dit in ½ oant 2 oeren yn 'e wike. In lyts oantal âlders is thús bewust dwaande mei it Ingelsk. Sy telle mei de bern yn it Ingelsk, beneame dingen, sjonge Ingelske ferskes, lêze de bern foar yn it Ingelsk of prate Ingelsk mei de bern (as tarieding) op fakânsje. Allinnich de groep dy't op skoalle Ingelsk kriget, skoart mei 86% dúdlik heger as it gemiddelde. Mar de groepen binne wat te lyts om dêr hiele hurde konklúzjes út te lûken. It binne de earste befiningen fan dit trochrinnende ûndersyk.

Ferfolch

Yn in folgjend ûndersyk wolle we in Frysk spultsje útteste. Fine bern dat like nijsgjirrich as in Ingelsk spultsje? En kin it dwaan fan sokke taalspultsjes ek helpe yn sitewaasjes wêrynsto bygelyks as mem Frysk tsjin dyn bern praatst mar dyn bern foaral Nederlânsk tsjin dy? Helpt it ynsetten fan in popke de bern dan oer de taaldrompel hinne?